

Griene Simmer

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 244 1

1e druk 2010

© 2010 Bart Kingma

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel
of rjochtstreeks by de útjouwerij:

Utjouwerij Elikser B.V.

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Postbus 2532

8901 AA Ljouwert

Til: 058-2894857

www.elikser.nl

Fotografie: Mijke Bos, uit de serie Wad Naakt 2009, www.mijkebos.com

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Dizze útjefte waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Niets uit deze uitgave mag worden veeelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaand schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Griene Simmer

Bart Kingma

*j'ai douté des détails
jamais du don des nues*

Noir Désir - Des Visages Des Figures



Mei it puntsje fan syn wiisfinger lûkt er in slankje troch de kondins fan syn glês. Fan boppen nei ûnderen. Hy sjocht op. Se wol syn eachopslach mije. Docht as steurt se har oan de sinne dy't har leech yn it gesicht skynt.

‘Ik tink dat wy it sa mar litte moatte.’

Se knikt. Der sitte net folle minsken yn de sêre. Soe it altyd sa rêstich wêze? Se hat hjir al sa lang net mear west. Tiisdeitejûn en de stêd is dea. Lege bussen by it stasjon. Se sjocht se kommen, eefkes wachtsjen en wer fierderriden. Anst kin se einlings har learzen útlûke. Hoelang noch? Hjirwei kin se de stasjonsklok krekt noch lêze. Oer tsien minuten sil de trein ôfsette. ‘Ja, wy hâlde it hjir mar by.’

‘Sjogge wy inoar nochris?’

Hoe bedoelt er? Yn it ramt fan dizze dei? Of bûten Luc om? ‘Sille wy ôfrekkenje?’

‘Goed.’ Hy drinkt syn glês, dat noch mear as healfol is, yn ien swolch leech. ‘Ober!’

By it oereinkommen felt se har rêch. Se sjocht om har hinne. Jas? Nee, dy hie se fannemoarn thúslitten. Sebastian stiet by de kassa. Dochs wol in moaie man. De fjirtich foarby. In rjochte hâlding, blonde slaggen yn in stevich bosk hier. Spitich fan dy broek. En dy lange simmerjas. Manlju moatte simmers sûnder jas rinne. Of yn kolbert.

It lêste oerke is har dreech fallen, lykas eins de hiele dei har net tafoel. In pear aardige anekdoates, oantinkens en gedachten hat se heard. Mar in soad wie it net. Oft se dêr yn 't foar op hope hie, wit se eins net. Sels hat se ek net

folle ferteld; se hat foaral guod oan it skiftsjen west. En mei meubels tôge. Nei't Thomas de doar op slot draaid hie, woe se op hûs oan. Allinnich yn de trein. Mar Sebastian kaam har achternei. Syn auto stie achter it stasjon parkearre, dus koenen se moai eefkes tegearre oprinne. En ite moasten hja ommers ek noch. Mar fan in goed petear ûnder it diner is it net echt kommen. It lêste kertier hat hy foaral stil west achter syn bierglê. Se is bliid dat se no nei bûten ta kin.

It is wat ôfkuolle, mar de wyn blaast noch de waarmte fan asfalt en beton troch de strjitte. Se sjocht nei de kantoargebouwen. It antrasyt fan de nije toer – sa neamt se him noch altyd – stekt moai glânzjend de himel yn. Read neonljocht jout de hichte oan. Har hakken klopje op it wyt fan it sebrapaad. In bus jout gas. Se rinne troch de walm.

Yn de stasjonshal hâldt se halt. 'No, wa wit...' Se wol him de hân jaan, mar hy grypt nei it hingsel fan syn rêchtas, set him op 'e grûn en lûkt oan de rits.

'Miskien', hy hellet in ynstekmap foar 't ljocht, 'is dit wat foar dy.' Hy wol it pakket oerlangje, mar se hâldt ôf. 'Wat is it?'

'Brieven. Fan Luc. Oan my.'

'Dan binne se net foar my ornearre.' It klinkt fijanniger as dat se it mient.

'Yn syn lêste jier ha wy in soad mei elkoar skreaun. Maild, moat ik sizze. Hy hat my in protte ferteld. Oer har en oer him. Do, Thomas en ik wienen sawat de iennichsten mei wa't er kontakt hie. En der wie noch immen op de kazerne, syn namme bin 'k eefkes kwyt...'

'Matt?'

'Ja. Wy ha hjoed in soad besprutsen, mar net alles.'

'Mar wêrom ik? Hy hat se oan dy skreaun.'

'Mar do hast in wichtige rol spile yn dat lêste jier. Hy

fertelt deroer.’ Sebastian lit syn hân foarsichtich op de map delkomme en stekt dy nei foaren.

‘Ik wit net oft...’

‘Gjin noed. Fierder is der nimmer dy’t hjirfan wit. Thomas ek net. Allinnich ik. En ik fyn dat ik dit mei dy diele moat. Dêrom.’

‘No...’ Wifeljend nimt se de map oan en triuwt dy yn har tas. ‘Ferwachtest wat fan my? Moat ik der wat mei?’

‘Nee. Lês it ast dat wolst, en *that’s it*. Myn iennichste reden om dit te dwaan is dat ik fyn dat ik dy de gelegenheid biede moat om mear te witten te kommen.’

‘Witsto wêr’t er no is?’ Se wol it noch ien kear besocht ha.

‘Nee. No ja... Nee, net echt. Mar sykjen hat gjin sin. Dat is wat ik wit.’

‘Neat is sûnder sin, liket my.’

Hy lûkt oan de skouders, smyt de rêchtas wer oer syn rjochter, en bûcht nei har ta. Mar se wol net tútsje, stekt him de hân ta.

‘Achter op de map steane myn gegevens. Meist altyd kontakt opnimme ast dat wolst. Ik winskje dy alle goeds ta.’

‘Tank. Do ek. Foarsichtich ride.’ Wat moat se mear sizze? Se sjocht nei har tas, docht de rits ticht. Sebastian is al trochrûn, is hast al by it fuotgongerstunneltsje, sjocht noch ienkear om, stekt eefkes de hân op. Doech.

Se sjocht om har hinne. De hal is leech. De skodoar stiet iepen. By de smookpeal op it perron stiet in kondukteur syn sigaret op te sûgjen. Se rint him foarby, perron 5a op. Noch trije minuten. Pas by it foarste treinstel stapt se yn. De koupé is foller as se tocht hie. Se nimt in twasitsplak oan de linkerkant, ‘t gesicht nei achteren. Dan hat se aanst in moai útsjoch op de ûndergeande sinne.



Ljouwert, freed 30 maaie 2003

Dach Sebastian,

Dêr bin ik wer. Sûnder pardon, sûnder genede werom. Ik mei fierder. Ik moat wer.

Hoe begjint de rest fan myn libben?

Woansdei gie de poarte iepen. Skrikst suver fan de faasje dêr't ynfrijheidsstelling mei útfierd wurdt. Meidieling, dat it OM ôfsjocht fan fierdere strafferfolging, sel yn, guod pakke, doar iepen, dêr stean 'k. Der is gjin straf, der is gjin oardiel.

Der is in âlde kazerne, der is in keamer. Regele troch Thomas, dy't alle finansjele saken docht. Dat docht er al fyftjin jier foar ús famylje, en ik sil him de kommende wiken in soad sprekke moatte, bin 'k bang. De Prins Frederik Kazerne leit oan de Oosterkade, rânstje binnenstêd. Ast de súdyngong nimst, sit ik oan de rjochterkant. Ien heech, twadde doar.

Myn keamer is krekt sa fjouwerkant as de kazerne sels. Fiif by fiif, ynklusyf keuken, stoel, tafel en bêd. De meubels hat Thomas besoargje litten, al foar de frijlitting. Tusken foardoar en keamer sitte noch in haltsje en in bjinderkast, dûs en húske. It is my bêst genôch. Yn de bûtenmuorre sitte moaie grutte finsters, mei útsjoch op de Oostersingel. Tusken rût en grêft stiet in kastanjebeam, mei tûken dy't wol fyftjin meter omspanne. It benimt myn keamer in soad deiljocht, mar dat jout neat.

Juster haw ik in pear planten kocht om de keamer wat op

te fleurjen. Alle jierren op Himelfeartsdei is it blomkemerik yn Ljouwert. Op de dei dat Jezus ôfset fan de ierde, sette se yn Ljouwert de blommen bûten. Strjitten fol mei blommekreammen haw ik hân. As in fjoerdoop: oerenlang tusken de minsken kuere.

Oan de ein fan de middei wie ik wer thús, sette de sykklammen yn it finsterbank en in raar soarte bolfoarmige kaktus op 'e tafel, gie op de bank lizzen en tocht oan hjoed.

Fannemoarn haw ik besletten dy te skriuwen. Ik soe dy fansels freegje moatte nei Franco. Mar wat is de fraach dy't ik dy stelle moat? Bestiet Franco noch? Hat it deselde namme holden? Hasto in nije partner?

Wat ik myn famylje oandien ha, wit ik. Wat ik by dy, myn meast dierbere net-besibbe, oanrjochte ha is my noch net bekend. As ik dy safolle pine dien ha dat dit ferfetsjen fan kontakt dy liik makket, spyt my dat oprjocht. Mar ik kin net oars, Sebastian. Freonen haw ik nea hân, famylje no ek net mear. Do bist myn iennichste link mei de wrâld, myn iennichste finster.

Yn spanning wachtsje ik op dyn antwurd.

Luc Franken



Op njoggenenfjirtich stiet er. Hy hie al ride moatten. Se ritst har learzen iepen, befrijt har fuotten, pakt in *De Verdieping* út it rek en leit it katern op 'e grûn. Sa hoecht se

net mei sokken op de smoarge flier. De learzen set se ûnder har sitting. It rútkin aanst wol ticht, as se wat mear gong meitsje.

De kastanje stiet der noch, hat se sjoen. Mar it duorre eefkes foardat se yn 'e rekken krige, fannemoarn, wat der feroare wie. De kezinen! Nuver oranje wienen hja ferve. It liek wol oft de hiele kazerne dêrmei yn in oar moed kommen wie. Doe't se noch wyt wienen, lieken de kezinen altyd út de âlde donkerreade bakstiennen springe te wollen; no hienen de finsters har tefreden deljûn yn de gevel.

Mar fierder wie der net folle feroare. Hiel frjemd fielde it net iens, doe't se oer it binnenplein rûn. Noch hieltyd de wrakke fytsen, meubelrestanten en oare studintebrot. Se stiek de fjouwerkante romte rjocht oer, stapte it portaal yn en naam de betonnen trep. De gong op de earste ferdjipping rûkte nei skjinmakkersguod. Oan de ein seach se in karkestean, sûnder skjinmakker. Safier hoegde se net. Twa doarren earder as dat se ea gewoan wie, hold se halt. Gjin doarbel. Se kloppe. In hoartsje letter gie de doar iepen.

'Goemoarn. Kom fierder.'

'Tige. Frouck van Eyck.'

'Mei ck en ck, hearde ik. Wolkom. Ik bin Thomas. Van der Lee.'

Se stapte nei binnen ta. It rûkte oars. Eefkes hie se oanstriid om snuwend by de muorren en doarren lâns te gean. Op syk nei werkenning. It wie der net. Net hjir yn it haltsje, alteast. In keale bedoeling. Thomas liet har foargean, de keamer yn. Dêr wie it! De tafel, it buro. It measte wie al fuort, mar dizze meubels brochten har de âlde bylden werom. Se soe sá wer yn it bankstel ploffe kinne, mar dat wie al beset.

'Dan moatte jo Sebastian Coppen wêze. Goeie.'

'Sis mar do. Goeie, Frouck.' Hy hold har hân in tel te

lang fêst. Thomas geat kofje yn út in termosflesse. Sy fûn in âld klapstuoltsje by it finster. De klok fan de Bonifatiustoer sloech. Healwei alven.

‘Do hast al in soad fuorthelle, Thomas. Mei ik Thomas sizze?’

‘Graach. Ik hier in garaazjeboks. Dêr stiet myn boat. Der is genôch plak, dus de ôfrûne wiken bin ik mar wat útein set om guod op te slaan. In pear doazen mei klean. Wat snyp-snaren. In dik soad stie der fansels net.’

Se knikte. ‘Gjin lús en plús?’ Se naam in slok fan de kofje.

‘Nee. Ik ha myn skjinmakster hjir alle moannen in moarnsskoft hinne stjoerd. Om it dochs in bytsje by te hâlden. Wy wisten fansels ek net oft er weromkomme soe.’

‘No wol?’

Thomas bleau stil.

‘Wy kinne hjir fansels net nochris safolle jier mei trochgean’, sei Sebastian. ‘Der moat dochs earne in momint komme datst der in punt achter setst.’

‘Lykas hy hjir ek begûn is mei wat help fan ús, sa moatte wy him no ek mar wat helpe om dit ôf te sluten. Min ofte mear’, sei Thomas.

‘Ha jim him doedestiids bystien?’

‘No ja’, sei Sebastian, ‘Thomas hat derfoar soarge dat er hjir teplak koe doe’t er frijkaam. En hy hat syn saken beheard, wêrtroch’t er yn elts gefal de kâns krige om syn libben wer wat yn te rjochtsjen.’

‘En do?’ frege se oan Sebastian. ‘Luc prate faak oer dy, mar wy hawwe inoar nea moete.’

‘Kloppet. Ik ha hjir yn dat hiele jier net ien kear west. En hy net by my. Dat wie foar ús net nuver, dêrfóár wie dat feitlik ek al sa. Hy bleau it leafst op syn eigen stee, hie nea in soad ferlet om by my te kommen.’

‘Mar hoe hasto him holpen, dan?’ Se blaasde yn de kofje. Damp sloech har temjitte. Lekker.

‘No, yn alle gefallen troch him wer wat opdrachten ta te skikken. Ik wie fansels bliid dat er der wer wie, koe him goed brûke. Better sein: ik hie him hurd nedich, want op dat stuit gie it net sa goed mei it bedriuw. Wy hienen it tegearre opstarten en syn rol wie al folle minder grut as yn it begjin, mar dochs wichtich. Ik miste him echt, doe’t er fêstsiet. Hie wol wat kontakten mei oaren, mar woe my net bine, om ’t ik net wist wannear en hoe’t er weromkomme soe. En mei dy oaren wie ‘k minder gelokkich. Ik hie ek net in soad wurk, op dat stuit. Wy sieten noch wat yn de dip fan nei *nine-eleven*. De ein fan de *yninternet-bubble*. Krekt doe’t hy hjir kaam te wenjen krige ik in flinke opdracht. In kampanje foar OogAppel Opticiens. Mei bluf en in kroade hie ‘k my dêr nei binnen ta luld, mar in goed idee wie der noch net.’

Se seach him oan. Kôge op it rântsjie fan de lege plestik-beker. Se koe har de oankomst fan Luc net goed mear foar de geast krije. Se hie gjin ferhuzers of tôgjende famyljeleden sjoen, mar ûntdiek ynienen dat se in meibewenner krigen hie op dizze fleugel fan dit grutte, lege gebou.

Dêr draaft de kondukteur oer it perron. In koart fluitsje en mei in lytse skok komt it spul yn beweging. De grutte wizer stiet op ienenfyftich. Systerjend giet de doar ticht. De man stekt de kaai yn syn heuptaske en iepenet de doar nei de koupé.

‘Goejûn.’



Ljouwert, woansdei 4 juny 2003

Dach Sebastian!

Tank foar dyn antwurd! It is it bêste dat ik brûke kin op dit stuit! Ik belof dy binnen in pear dagen in earste idee oan te dragen. En ik sil myn bêst dwaan om it súkses fan 'KUIK ZELF MAAR!' foarby te gean. Hoewol't OogAppel dochs yn in folle heger marktsegment sit as Xpectacles? Ik sil de kommende dagen wol wat om-sneupe (website, folders, filialen yn de buert). Ik krij der alwer nocht oan! Sebas, ik bin dy ôfgrysluk tankber!

Kensto it noch, it gefoel fan tankberens? It makket licht en rêstich. Ik hie it yn jierren net mear smakke. Wannear wie ik it foar it lêst? Eartiids. God. *Dank U voor deze nieuwe morgen, dank U voor deze nieuwe dag. Dank U dat ik met al mijn zorgen bij U komen mag.* Tank foar dat ik sûn bin. Tank as ik siik bin – dat it net slimmer is. Tank foar myn freonen. Tank foar myn fijannan – dat se my sparje. Tank foar it moaie waar. Tank foar it reinwetter. Sels bin ik ta neat goeds by steat, alle seine komt fan Jo. Tank, tank, tige tank! As in mantra. Tankberens is de swieterkrêft dy't leauwende minsken mei beide fuotten op 'e grûn hâldt en har hoedet foar har ferlet om te groeien, om selsstannich te wêzen, om frij te wêzen yn har tinken, om harsels te ferheffen.

En dochs: ik mis it. Mysels lyts meitsje om it grutte gefoel sa oerweldigjend mooglik oer my útstoart te krijen. Tankber wêze. My bereine litte troch de goedens dy't op my delfalt. Mar wa moat ik tank sizze, as ik net leau?

Oer myn fierdere eventuele wurk foar Franco moatte wy it ynkoarten mar ris hawwe. Yn alle gefallen bliuw ik foarearst hjir yn de kazerne wenjen. It húske op Koehoal is ferkocht en de pleats stiet leech. Thomas hat de ôfhanneling dêrfan op him naam. De earme siel hat hast in deitaak oan ús. Der hat in boeldei west en de lêste brot dy't net ferkocht is, is meinommen troch in hanneler. De meubels út it wenhús hawwe wy weijûn oan in kringloopsaak. It hiele gebou giet aanst yn de ferkeap foar noch gjin heal miljoen, mei de beide stâlen en in dikke bunder hiem derop en deroan. It lân en de kwota binne ferpachte en ferkocht.

Wat goed fan dy datsto derby wiest doe't Leo te hôf brocht waard! Mei hoefolle minsken stienen jim dêr? In soad freonen hie hy net, der sille heechút in stikmennich minsken fan de Dyk west ha. Miskien wat omkes en muoikes, neven en nichten? Hoe wie de sfear? En Janne? Ha se noch nei har socht? De resjersjeurs seinen fan wol, hoewol't ik harren fuortdalik oer har ferteld ha.

It libben yn de Prins Frederik Kazerne begjint sa súntsjesoan in lyts bytsje stal te krijen. Ik haw in midisetsje oanskaft en in stik as fiif cd's kocht: Mahlers Auferstehung, Gracias a la Vida, Astral Weeks, Achtung Baby en fansels Harvest. Leffe kar. Neat is dreger as in werstart te meitsjen mei it oanlizzen fan in platenkolleksje, dus yn myn ûnmacht bin ik mar útein set mei de oankeap fan myn ivige top 5. Noch altyd haw ik dizze platen mear leaf as alle oare muzyk. Dat wit no ek myn buorfamke, in jonge hbo-studinte dy't justermiddei delkaam om yn de kunde te kommen 'mei dy en dyn muzyk, want dy kin ik op 'e gong hearre', sa fertelde se my. Se sei dat se it moai fûn en ik leaude har. Trijentweintich is se. Sêft fan stim, sêft fan hûd, mei moai lang brún hier. Lyts – krekt wat té, nei myn smaak – mar se past har gedrach dêr handich op oan, sadat se eins jonger en

berniger liket as dat se is. Giet eefkes op har teannen stean by it fûstkjen, sjocht temûk wat nei boppen as ik har wat freegje, dûkt djip fuort yn it bankstel. 't Is in leaf famke.

Luc

De pasfoto op har jierkaart is in âldenien. Se hellet him op 'e nij foar it ljocht. Suverkrekt hat se him gedachteleas oan de kondukteur sjen litten. Swart hier, dus dat moat dochs fan wat letter tiid west ha. Ja, in sêft gesicht, dat wol.

Ek Sebastian beseach har fannemoarn mei dy eagen. Se fielde it. Se fielt altyd it ferskil tusken manlju dy't har oan-sjogge en dy't har besjogge. Ferfelend is it net – meastentiids sjocht se de eagen opflakkerjen.

Thomas beseach har net. Hy geat noch in kofje yn.

'En do?' frege Sebastian.

'Ik wit net krekt hoelang't er hjir wenne, in pear dagen, tink ik, doe bin ik ris op him ôfstapt. Hy wie freonlik. Bytsje op ôfstân wol, mar hy hie wol belangstelling. Hy fertelde al fuortdalik oer syn wurk foar dy. Ik fûn dat wol aardich. Ik die hbo Kommúnikaasje, hjir op de NHL, en dat skoep in bytsje in bân. De jûns ha wy noch wat slogans sitten te betinken foar fan alles en noch wat.'

'Ik ha se oan dy te tankjen, dus', gnyske Sebastian wat ûngelokkich.

‘Ik leau net dat ik wat betocht ha dat letter troch jim brûkt is. It wie mear skelmerij as dat it serieuus tinkwurk wie. Ik fûn it noflik om Luc út en troch op te sykjen. Ik siet krekt wat nuodlik mei myn stúdzje. Twadde jier sawat klear, mar noch net witte oft ik it allegear wol leuk genôch fûn, sokssawat. De oerkes by Luc wienen in aardige ferdivedaasje. In folwoeksen persoan yn myn omjouwing te hawwen fûn ik noflik. Hoewol’t ik krekt dejinge wie dy’t hím helpe moast om him in bytsje thús te fielen yn de kazerne. Sa no en dan naam ik wat guod foar him mei. In fruitskaal, in lektuerkoer, dat soarte fan húshâldlike brot. Dêr wie hy net goed yn. Boeken en cd’s, dat wie sawat it iennichste dat er kocht. Hy hie it dreech mei it deistige libben. Hy bedobbe himsels graach ûnder bulten kranten en tiidskriften. Ik waard sa’n bytsje syn húshâldster.’

‘Wied er fleurich?’ frege Thomas, dy’t hieltyd wat hinne en wer rûn en noch net langer as ien minút op syn stoel sitten bleaun wie.

‘Ik wit net oft fleurich it goeie. . . Nee, ik tink net dat hy sa op my oerkaam. Hy die syn bêst om posityf te wêzen. Sokssawat.’

‘En slagge dat?’

‘Wol aardich, tink ik. Doe noch wol. Mar ik bleau noait lang, kaam moarns eefkes del foar in kop kofje. Hy liet my syn muzyk hearre. Dy âlde plaat fan Van Morrisson fûn ik moai. Ik wie dwaande mei in skripsje oer de mooglikheden fan ynternet yn ûntwikkelingslannen. De kofje-oerkes by Luc wienen foar my in noflik begjin fan in dei dy’t fierder foaral bestie út lêzen en skriuwen.’

‘Foar him wienen dyn besites de startmotor fan de dei, hat er my wolris ferteld’, sei Sebastian. ‘Hy wie der hiel wiis mei datsto him geregeldwei eefkes opsochttest. Do wiest in bytsje syn entree nei de bewenne wrâld. Troch dy koed er sa no en dan de stêd yn, koed er in bytsje in libben ha.’

‘Dêr haw ik my noait sa bot bewust fan west. Ik wit wol dat

ik in pear kear mei him om klean út west ha en ienkear sels nei sa'n winkel om in kuolkast of oven of sa. Foar my wie dat ek wol aardich. Eefkes in oare smaak, in oar budzjet. Ik siet altyd yn de studinterommel. Pitreid, kessentsje hjir, tekkentsje dêr. Kastkes fan de kringloop, kearsen en weckpotten. Alde pon-sjo's.'

'No, dêr bist dan knap oerhinne kaam', fûn Sebastian. Gie hy allinnich op har klean ôf? Se seach him freegjend oan.

'Nim my net kwea ôf, ik bedoel it net sa raar. Ik ha gewoan net folle op mei dy nuffichheid. Ik neam dat altyd *deroatisearjende* froulju.' Hy besocht it sá wis te sizzen dat se it net as in sa-net-bedoelde mislediging opfetsje kinne soe.

Mei de hurde plestikpunt lûkt se in spoar yn de hûd fan har ûnderearm en berget de jierkaart wer op. In lange bocht nei links, de spoarbrêge, en dêr iepenet it griene lânskip him. Se lit it rût noch eefkes iepenstean. In slinger hier plakt op har wang.



Ljouwert, tiisdei 10 juny 2003

Dach Sebas!

'LAAT JE ZIEN!'

Hy is ienfâldich, hy is maklik te stilearjen om it logo fan

OogAppel hinne. Hy is snel te tsjuten, hy noeget – nee, hy dáácht dy út. Hy jout ek betrouwen in dysels, hy makket dy bewust, hy wit datsto de bêste bist en hy fynt datsto dat útdrage moast oan dyn omjouwing. Do hast de goeie kar makke. Do doarst, do kinst, do litst dy sjen! Mei dyn nije bril. En de feroaring fan perspektyf (de bril dy't dý wer sjen lit) is sa dúdlik en tsjinoersteld dat elkenien him begripe sil en nimmen derfan yn de beane reitsje sil.

'OogAppel - Laat je zien!
Hoe fynst him?

Luc

Ljouwert, snein 15 juny 2003

Dach Sebas!

Moai! Ik ha sels ek wol it gefoel dat er kloppet. Giet it earst allinnich om advertinsjes yn printmedia of komme der ek radio- en tv-commercials? Wannear silsto nei OogAppel ta? Ik bin benijd!

Justermiddei haw ik op Dykshoeke west. Net lang. It is as wannear'st foar de twadde kear in film besjochst. Hast der lang